



Keatsferiening Easterein - Oprjochte yn 1904

Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein Gem. Litt.
Tillefoan: (0515) 85 18 78
Internet: www.kfeasterein.nl
E-mail: info@kfeasterein.nl

Bankrekken: 34.95.01.904 by Rabobank Sneek-ZuidwestFriesland
f.n.v. Keatsferiening Easterein, Easterein
Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, Easterein
Ynskreaun by K.v.K. Ljouwert - 40004440

Easterein, 26 augustus 2014

Utnoeging "Lustrumdei – keatspartij - barbecue"

Achte bestjoers- en kommisjeleden en leden fan keatsferiening Easterein,

Keatsferiening Easterein noadicht jo fan herte út foar de

"**Lustrumdei – keatspartij - barbecue**" op **SNEIN 7 SEPTIMBER 2014**, oanfang **12.00 oere**.

Foar dizze 'Lustrumdei' binne alle stipers, bestjoers- en kommisjeleden en leden fan de feriening útnoege om mei syn allen it lustrumjier ôf te sluten

Programma

Untfangst en wolkomstwurd

Keatspartij mei trije listen

Weromsjen op it lustrumjier en priisútrikking keatsen

± 18:00 oere start fan de barbecue

Foar de keatspartij wurdt trije kear lotte en wurdt der keatst mei in sêfte bal yn ferskate klassen. De klassen binne yndield op nivo sa't elk, ek de net- of net aktive keats(t)ers dielnimme kinne oan de keatswedstriid!

Graach **UTERLIK DINSDAG 2 SEPTIMBER 2014 FOAR 20:00** per mail trochjaan:

O Ja, we komme nei de Lustrumdei mei: **oantal persoanen / keatsen / barbecue**

Graach maile nei opjefte@kfeasterein.nl û.f.f. "**dielname Lustrumdei 2014**", en trochjaan: *oantal persoanen, oantal persoanen keatsen en oantal persoanen barbecue.*

Foar de dielname oan it keatsen en/of de barbecue wurdt in bydrage frege fan **Euro 10,00**. Dizze bydrage graach by oankomst foldwaan oan de organisaasje.

De konsumpsjes binne fierder foar eigen rekken.

As je, neist jo sels, ek jo partner en/of bern meinimme wolle, dan wurdt der ek in bydrage frege foar dielname oan de barbecue. Folwoeksenen E 10,00 en bern E 5,00.

As der fragen of opmerkings binne, dan heare wy dat graach!

Jo kinne dan maile mei fsk@kfeasterein.nl of skilje mei 06-11460547

Graach oant sjen op **snein 7 septimber** op sportpark "De Skoalleseize" yn Easterein.

Mei freonlike groetnis, ,

Klaas Pomstra

Sponsorkommisje KF Easterein / 06-11460547